

2022 wie in jier fan wikselingen, nije ideeën, pittige diskusjes en gearkomsten. De bestjoersleden hawwe har allegear op eigen wize ynset foar har leden en it ferbetterjen fan de kondysjes fan de Frykse literatuer. Yn 't koart in oersjoch fan it riden en silen fan it Skriuwersbûn fan it ôfrûne jier.

Bestjoerswikselingen

Op 7 april hat Trevor Scarse offisjeel ôfskie naam as sekretaris. Syn taken binne oernaam troch Reina Greet Smeink – Kroodsma. Trevor hat oant 6 july 2022 noch de sosjale media en de reachside fan it Skriuwersbûn ûnderhâlden. Nei syn fuortgean hat Ammerins Moss – de Boer dizze taken oernommen. Pier Boorsma hat syn besjoerswurksumheden per 2 novimber 2022 dellein fanwegen sûnensredenen. Der wurdt socht nei in nij bestjoerlid en oant dat fûn is nimme de oare bestjoersleden syn taken oer.

Nammeferoaring

Op 'e ALG fan 21 april hat, nei in peiling per e-mail, in mearderheid fan 'e leden har útsprutsen foar in nammeferoaring fan it Skriuwersboun nei it Skriuwersbûn. Folgjende stap is it fêststellen fan 'e karbrief en dizze passearje litte by de notaris. Ek wurde der plannen makke foar in nij logo en oanpassing fan email-adres en reachside.

Relaasje Provinsje

Der hat regelmjittich oerlis plakfûn tusken Willem en Ammerins nammens it Skriuwersbûn en Esther Rodenhuis fan 'e Provinsje. Wichtigste punten yn dizze oerlizen wiene it struktureel ferheegjen fan it boekjersubsydzje fan it Skriuwersbûn en ûntwikkelingen lykas it plan bettere beleaning en promoasje.

Yn it ramt fan dizze ûnderwerpen hat der op 7 septimber en 5 desimber 2022 in konstruktyf oerlis plakfûn mei de deputearre fan kultuer Sietske Poepjes en amtner Esther Rodenhuis tegearre. It plan bettere beleaning en promoasje is dêr hiel posityf ûntfongen en wolle se stypje. It ferplichte foarskot sa as neamd yn it plan hawwe se op it Provinsjehûs juridysk útsocht en dat kin spitigernôch net as betinkst foar subsydzje. It sil wol as oanrikkemandaasje meinommen wurde.

Foar it plan oer de promoasje kin (noch) net permanente stipe komme, mar foar de kommende 2 jier wol Sietske Poepjes jild frijmeitsje út it budzjet foar kultuer. Esther Rodenhuis wurket dit fierder út. Yn oerlis mei BFF, Provinsje en SKB sil dit foarm krije.

Us *eigen strukturele subsydzje* ferheegje (fan 4 nei 10 tûzend euro jiers) is no net mooglik. Wol kin der nei alle gedachten in tydlike foarsjenning komme foar '23 en '24.

Definityf belied is oan de nije deputearre en it belied foar de nije perioade fan 2024 ôf. Sietske Poepjes hat tasein oan har opfolger troch te jaan in ferheging mei te nimmen yn de begrutting en plannen.

Relaasje CoL, Afûk/BfF

In pear kear yn it jier is der oerlis om aktiviteiten op elkoar ôf te stimmen en de literêre ûntwikkelingen yn Fryslân te bepraten. Ús doel dêrby is om de relaasje optimaal te hâlden en oer en wer in serieuze petearpartner te wêzen. Dat slagget oant no ta prima. Dat BfF meiwurket oan ús promoasjeplan wurdearje wy tige.

City of Literature stipe ús Skriuwerswykein fanwege de ynternasjonale komponint.

Relaasje Tresoar

Foar Tresoar wie '22 in jier mei in protte feroarings. Der kaam ûnder oaren in nije direkteur, Arjen Dijkstra, dy't wol dat syn organisaasje mear omtinken jaan sil oan literatuerbfoardering as dat de lêste jierren wenst wie. Hy wol bygelyks s.g.m. in modern foarmjûne permaninte tintoanstelling oer de Fryske literatuer realisearje. Wy makken de ôfspraak om yn 2023

regelmjittich oerlis te hawwen. Op syn earste wurkdei yn de hjerst fan '22 stie der in grut bosk blommen mei in felisitaasje fan it Skriuwersbûn op syn buro.

Wurkgroepen

Plan bettere beleanning en promoasje

It bestjoer fan it Skriuwersboun hat yn april yn Tresoar it rapport fan harren Wurkgroep Honoraria ("bettere beleaning en promoasje") presintearre. Yn dit rapport stean in tal fan advizen om de Fryske skriu(st)ers te stypjen. Noch eefkes yn 't koart wêr 't it plan foar stiet:

- a) minimum-tariven foar optredens en wurk yn opdracht
- b) de oanbefelling om wer 50% fan de royalties as foarskot te freegjen yn it kontrakt mei de útjouwer
- c) Boeken fan Fryslân te fersterken troch bettere en mear promoasje te meitsjen foar de Fryske literatuer, troch jierliks in tal spearpuntboeken sa grut mooglik yn it publike domein te promoatsjen.

De earste presintaasje fan dit plan wie foar leden en belangstellenden (relaasjes, parse) tagelyk. In tal leden fûn net dat dit sa net moatten hie. Nei dy earste presintaasje hat der dêrom op 3 maaie noch in diskusjegearkomst west, en de leden wienen ek yn de gelegenheid om mei skriftlike suggestjes te kommen. Dit hat laat ta in tal oanpassings. Ferlaggen fan dizze gearkomsten binne werom te finen op ús reachside. Foar wa't de meast aktuele ferzje fan it plan nochris neilêze wol: it is [hjiir](#) te finen op ús reachside.

Nei de presintaasje ha der ferskate oerlizzen folge mei Boeken fan Fryslân, Afûk, Provinsje en Skriuwersbûn. BfF stiet der posityf foaroer, mar hat wol oanjûn wat der kwa útwreiding fan it personielsbestân (en dus jild) minimaal foar nedich is. De provinsje stiet der ek posityf foaroer, sa as fermeld by it kopke *relaasje Provinsje*.

PC Hooftprijs

De PC Hooftprijs is de Nederlânske literêre oeuvre-priis, dy't alle jierren útrikt wurdt, om bar foar essayistysk wurk, poëzij en proaza. Yn de regleminten is fêstlein dat ek Frysktalige auteurs winne kinne. Yn de 74 jier dat de priis bestiet, is dy lykwols noch nea takend oan in Fryske auteur.

Wy hawwe as Skriuwersbûn in permaninte wurkgroep ynsteld dy't de sjuerys fan de P.C. Hooftprijs frege en net frege advys jaan sil oer geskikte Frysktalige skriuwsters, skriuwers, dichters en dichters. Yn dy wurkgroep sitte Hylke Tromp, Goffe Jensma, Doeke Sijens, Martsje de Jong en Inge Heslinga. Fiif tige saakkundige leden fan it Bûn. Der is in reglemint opsteld, dat te finen is op ús reachside. De earste foardracht troch dy wurkgroep sil plak fine foar de poëzij-priis, dy't yn 2024 útrikt wurdt. Jimme hearre der yn 2023 mear oer!

Oersetters

De ynstek fan de wurkgroep oersetters dit jier wie in start te meitsjen en de subsydzjeregels fan 'e Provinsje troch te praten. Ek it kontakt en relaasjes mei útjouwers yn it bûtelân wie in wichtich punt. Nei oerlis mei de Provinsje die bliken dat it provinsjaal belied al in moai ein yn de positive rjochting feroare is. De wurkgroep is sadwaande net mear aktyf.

Wat de promoasje fan oersettings út Frysk by relaasjes en útjouwers yn relevante bûtenlannen oanbelanget is der lykwols noch in wrâld te winnen. Wy sille dit as bestjoer, yn oerlis mei CoL en BfF, as punt fan oandacht foar de takomst fêsthâlde.

Skriuwerswykein

Yn it wykein fan 14, 15 en 16 oktober is der in Skriuwerswykein organisearre. As bestjoer binne wy tige te sprekken oer it ferrin fan it wykein. Wy krigen eins ek allinne mar positive reaksjes. Ferspraat oer de trije dagen wienen der sa'n tritich dielnimmers. In fantastyske opstekker dat, nei njoggen jier sûnder, dit wer koe. Der is in ferslach makke fan it wykein wat tastjoerd is oan alle leden en dat is [hji](#) werom te finen is op ús reachside.

Transpoesie

Foar de tolfde kear waard yn Septimber yn Brussel it Transpoesie Poëzyfestival organisearre. Nei Janneke Spoelstra (2018), Elmar Kuipers (2019), Nyk de Vries (2020) en Cornelis van der Wal (2021) waard Fryslân dit jier fertsjintwurdige wurde troch Sytse Jansma. Hy hat op 26 of 27 septimber in optreden fersoargje, yn it kader fan de Europeeske Dei fan 'e Talen. Sytse Jansma hat, ynspirearre troch it Transpoesie-festival yn Brussel dêr't er optrede mocht, in ferhaal skreaun, *Kafee 'Goupil le Fou'*. It ferhaal is [hji](#) te lêzen.

FreMiBu

Wy woene dit jier graach de FreMiBu yn Café Wouters nij libben ynblaze. Eltse lêste freed fan 'e moanne is elkenien fan herte wolkom by Café Wouters om by te praten en inoar te inspirearjen. Fan 4 oere sit Jetske Bilker der (meastal) yn alle gefallen! In hapke ite kin fansels ek altyd. Wurdt ferfolge yn 2023!

Ledebulletin

Ledebulletins ferskine in pear kear per jier, net yn in fêste frekwinsje, mar foaral as der wat te melden is en/of der in bysûndere aktiviteit op priemmen stiet, lykas in ledegearkomste. It bestjoer is ferantwurdlik foar de ynhâld. Dit jier is der fjouwer kear in ledebuletin ferskynd. Ledebulletins bliuwe rûchwei in jier sichtber op ús reachside.